

HILLIGE OMGONGEN

'Oant yn 'e fiere omkriten moast it galmjen fan de klokken te hearren wêze. Trije kear soene se om de tsjerke hinne moatte. In heidenske gewoante om de kweageasten mei op in distânsje te hâlden. Hoefolle fan it fromme folkje soene dat witte? Sa beskriuwt G. Willem Abma de âlde seremoanje by de begraffenis fan 'e heit fan 'e haadpersoan yn 'it Orakel'. By de frommen fine je respekt foar de hillige omgongen yn Jeruzalim (Ps. 26:6). Kenners fan 'e klassike kultuer prate mei bewûndering oer de steatlike 'Turnus Sacralis' fan Griken én Romeinen. Mar ús eigen brûkmen wurde sjoen as byleauwe, magy en duvelseangst. Net allinne ferljochte skriuwers sjogge it sa; de deagraver yn Wâldsein seit it ek: 'It moast út wêze dêrmei: allegearre bygeloof. De begraffenisûndernimmer ut Snits bringt it noch effektiver: 'Op de begraafplaats neme men de kortste weg van de yngong naar het graf. Dêrmei is in brûkme fan ús folk, dat sûnt de lêste iistiid yn eare hâlden waard, ta weismiten, keard. As de religys ferskowe, feroarje earst de learstellingen. dan folget de moraal, mar de tradysjes binne it taaiste. Sa kinne je no yn ús frijsinnige doarpen sjen dat de humanistyske riedsfrouwen de omgongen makket by de lykstaasje fan in , liberaal persoan. In brûkme is nét bûn oan in bepaalde religy. It is as in huls, in sjabloan, it is in oerfoarm dy't yn elke tiid wer in nije ynhâld kriget. Slagget dat net, dan sil it ferdwine. Yn ús tiid kin men de omgongen opfetsje as help by de rouferwurking. Geande oer it paad om it hof leart ús lichem en ús Onbewuste Dyn leave ferstoarne wennet no hjir, binnen dizze sirkel en do, do moatst sels fierder, mei dizze libbene minsken. Pak net mei dyn deade om'. Wa wit brochten ús foarfaars dat 'witten', dat djipper giet as it ferstân, destiids ta utering yn it byld fan kweageasten: ferstoarnen dy't gjin rest fûn hiene en no de libbenen bedrigen. Yn it kristlik tiidrek is it brûkme ferbûn mei de Trije-ienheid en de Grêfrêst fan trije dagen fan 'e Hear. De grêflizzing fan 'e Hear wurdt yn Jeruzalim mei plechtige omgongen fierd. Dêrneist hawwe de Roomske tsjerken omgongen mei Ljochtmis, de Krúsdagen foar Himelfeart en by it begjin fan 'e merken. De Russysk Dútske muonts Cyrill von Korvin fan Maria Laach sjocht dy omgongen, dy't fan Ierlân oant de Oeral deselde foarm hawwe, as in minsklik ynlibjen yn it skeppingswurk. De trije omgongen ferbyldzje de skepping fan 'e sinne, de moanne en fan 'e stjerren. It tsjuster wurdt ferljochte: it doalhôf wurdt in begeanbere wei, de gaos in sinfolle oarder. Dat paad hawwe wy allegearre te gean nei in slim ferstjerren; in brûkme âlder as al ús libbensfysjes kin ús derby op wei helpe. 'Hoefolle fan dit folkje soene dat witte', freget de Jongfeint yn 'it Orakel' him ôf. Wy moatte net te gau linke dat wy 'witte' wat de folkloare. 'de leare fan it folk', yn wezen oan ús sizze wol. Wy meie ús brûkmen oertinke en besykje om se ek foar dizze tiid betsjutting te jaan, mar foaral ek war dwaan om se sa geef mooglik oan 'e nije generaasje oer te dragen.

Jan Romkes van der Wal
Frysk en Frij 1982